

[0851] Suppleesje by tiidwurden yn it Eastfrysk: Sealtersk sjo - saach - blouked, Wangereagersk sjoo - blauket - blauket ('sjen')

Jarich Hoekstra

Summary

In this article a tentative reconstruction is given of the development of the suppletive paradigm of the verb 'to see' in the East Frisian dialects of Saterland and Wangerooge. It is then shown that the case of 'to see' might be part of a more general tendency towards verbal suppletion in East Frisian. Suppletive patterns are not only found with the verb 'to see', but can also be traced with other highly frequent irregular verbs like 'to walk' and, possibly, 'to say', 'to give', 'to drink' and 'to stick/to punch'. Since verbal suppletion is not very common in the Germanic languages, the East Frisian development would be quite extraordinary. The scarcity of historical sources makes it impossible to draw any hard and fast conclusions, however.

Der binne in stikmannich leksikale ferskynsels dêr't de Eastfryske dialekten har typysk troch ûnderskiede fan 'e Westerlauwerskfryke en de Noardfryske staach fan it Frysk.¹ Foarbylden binne de wurden foar 'mês', 'seage', 'faam', 'sizze', 'jaan', 'hinne' en 'sân':²

- | | | |
|-----|---|---------|
| (1) | sealt. <i>Soaks</i> , wang. <i>sax</i> , harl. <i>saghs</i> , wurst. <i>Sáx/Sachs</i> | 'mês' |
| | sealt. <i>Snide</i> , wang. <i>snüüTHuu</i> , ³ harl. <i>schnide</i> | 'seage' |
| | sealt. <i>Fauene</i> (= 'tsjinstfaam'), brokm. <i>foun</i> , wang. <i>faun</i> , | 'faam' |
| | harl. <i>fohn</i> , wurst. <i>Foun/Fáwen</i> | |

-
1. Foar kommintaar op in kladder fan dit artikel betankje ik Nils Århammar, Pyt Kramer en Arjen Versloot.
 2. It Eastfrysk wurdt ferdield yn it Iems- en it Wezerfrysk. Ta it Iemsfrysk hearre it Sealtersk (sealt.) en it Brokmer Frysk (brokm.), ta it Wezerfrysk it Harlinger Frysk (harl.), it Wangereagersk (wang.) en it Wurster Frysk (wurst.).
 3. Ik transkribearje de typografyske lestige stavering fan Ehrentraut hjir en tenei neffens it systeem dat Arjen Versloot yn syn útjefte fan it twadde part fan Ehrentraut syn 'Mittheilungen aus der Sprache der Wangerooger' brûkt hat (Ehrentraut II, xli-xlv). De klamoantsjuttingen yn mearwurdliddige wurden lit ik wei.

sealt. <i>kwede</i> , wang. <i>quider</i> , harl. <i>quidden</i>	‘sizze’
sealt. <i>reke</i> , wang. <i>reik</i> , harl. <i>rayken</i> , brokm. <i>to reeken</i>	‘jaan’
sealt. <i>wai</i> (<i>wäge</i> , <i>wäch-</i> ‘fuort/wei’), wang. <i>weg</i> (ek ‘fuort/wei’), harl. <i>weg</i> (ek ‘fuort/wei’)	‘hinne’
sealt. <i>sogen</i> , wang. <i>sjuugen</i> , harl. <i>soggen</i> , wurst. <i>tsiågún</i>	‘sân’

By ‘faam’, ‘jaan’ en ‘hinne’ binne it net sa lyk de leksemen, mar de spesifike fonologyske of semantyske ûntjouwing dêrfan dy’t typysk Eastfrysk binne. It wurd foar ‘sân’ is karakteristyk, om’t it Eastfrysk it erfurd (Aldfrysk *sogen*, *siugun*) bewarre hat, wylst it Westerlauwersk Frysk (*sân* < *sawen*) en it Noardfrysk (*sööwen*) it Leechdútske lienwurd oernommen ha. Op ‘e Eastfryske tiidwurden foar ‘sizze’ en ‘jaan’ kom ik aansten noch wiidweidich werom.

Yn dit artikel wol ik in oar leksikaal of earder morfoleksikaal ferskynsel op it aljemint bringe, dat sa’t it liket beheind is ta it Eastfrysk. It is my te rêden om it tiidwurd foar ‘sjen’. Dat hat yn ‘e Eastfryske dialekten, lykas yn ‘e oare Fryske tongslaggen, in foarm dy’t tebekgiet op Aldfrysk *siā* (ferl. Remmers 1993):

(2)	sealt.	<i>sjo</i>
	wang.	<i>sjo</i>
	harl.	<i>schladen, schian</i>
	wurst.	<i>syáhn (sijáhn?)</i>
	brokm.	<i>yck schiâ</i>

It tiidwurd SJEN kipt der lykwols yn it Eastfrysk ynsafier út, dat it syn paradigma net mear kompleet mei eigen (etymologysk besibbe) foarmen besette kin. Yn it Sealtersk mist de ôfslutend mulwurd-foarm der en yn it Wangereagersk de ôfslutend mulwurd-foarm en de doetiidfoarm. Dy missende tiidwurdfoarmen wurde oanfolle troch foarmen fan in oar tiidwurd, it tiidwurd dat tebekgiet op Aldfrysk **bilōkia* (Aldingelsk *belōcian*) ‘besjen, beloaitsje’: Sealtersk *sjo* hat in suppletive ôfslutend mulwurd-foarm *blouked* en Wangereagersk *sjo* hat in suppletive ôfslutend mulwurd- en doetiidfoarm *blauket*. It folsleine paradigma fan it tiidwurd SJEN sjucht der yn it Sealtersk en Wangereagersk sa út (de suppletive foarmen binne fetprinte):

(3)	SJEN yn it Sealtersk (Minssen 1854, 172, Fort 1980, Kramer 1982, 39):
Pres.	<i>iek sjo, du sjuchst, hi/ju sjucht, wie/jie/jo sjo</i>
Part. Pres.	<i>sjoen</i>

Imperf. *iek saach, du seechst, hi/ju saach, wie/jie/je segen*
 Part. Perf. ***blouked***⁴

(4) SJEN yn it Wangereagersk (Ehrentraut I 1849, 86):

Pres. *iik sjoo, du sjuchst, hii/yyu sjucht, wii/yum/yaa sjoo*
 Part. Pres. *sjooen*
 Imperf. *iik blauket, du blaukest, hii/yyu blauket, wii/yum/yaa blaukeden*
 Part. Perf. ***blauket***

Apart oan 'e suppletive foarm *blouked/blauket* is boppedat dat it oarspronklike foarheaksel *be-/bii-* dêr redusearre is ta *b-* en mei de begjin-*l* fan it grûnwurd ta in bylûdkloft *bl-* gearraand is.

Oft it tiidwurd SJEN yn 'e oare Eastfryske dialekten ek in suppletief paradigma hie, is spitigernôch fanwegen de eameltsjese oerlevering net mei wisichheid te sizzen. Opfallend is lykwols dat Cadovius Müller yn syn beskriuwing fan it Harlinger Frysk, 'Memoriale linguæ Frisicæ' (1691), foar 'sjen' njonken *schia(de)n* ek *blawken/blau(c)ken* opjout (König 1911, 58, 106), wat der alteast op wize kinne soe dat der konkurrinsje tusken beide leksemen wie. By Cadovius Müller komt wol in kearmannich in ôfslutend mulwurd-foarm *schian* foar (*jar schian habbende, hastu zy schian, deit hah'n wy shian*), mar om't dy de stamfoarm fan 'e ynfinityf hat, is it de fraach hoe betrouber oft er is; Cadovius Müller syn tiidwurdfoarmen moatte yn 't ginneraal wat mei in skalk each besjoen wurde.⁵ Foar it Wurster Frysk jout de wurdlist fan Lüder Westing (Wremen 1688) *syáhn*; dy fan Dietrich Anton Witte (Imsum 1723) hat *bloken*, mar mei de oersetting 'besjen' (Möllencamp 1968, 91). Sawol Harlingerfrysk *blawken/blau(c)ken* as Wursterfrysk *bloken* ha oars deselde opfallende reduksje fan it foarheaksel as Sealtersk *blouked* en Wangereagersk *blauket*. Yn it Brokmerfryske brulloftsgedicht fan Imel Agena fan Upgant út 1632 (Holthausen 1927) steane gjin ôfslutend mulwurd-foarmen en doetiidfoarmen fan SJEN en is ek

4. De wenstige foarm fan it ôfslutend mulwurd fan *sjo* yn it Sealtersk is *blouked*, mar benammen yn Schäddel (Scharrel) komt ek in foarm *blouken* foar (Fort 1990, 190). By *blouken* giet it sûnder mis om in sekondêre foarm, in besykjen om it mulwurd fan *sjo* wer sterk te meitsjen.

5. Yn 'e slim ûnbetroubere beskriuwing fan it Sealtersk fan Hettema & Posthumus (1836) wurdt ek in (sûnder mis eigenoanrette) ôfslutend mulwurd-foarm fan SJEN jûn dy't op 'e ynfinityffoarm (by har *sjâ*) basearre is: *hi hîde sjâen* 'hy hie sjoen' (s. 223).

oars gjin wjergader fan Aldfrysk **bilōkia* bewarre bleaun. Yn it neikommende sil ik my fierhinne ta it Sealtersk en it Wangereagersk beheine.

Yn it Sealtersk komt de oarspronklike ôfslutend mulwurd-foarm fan *sjō*, *-sain*, oars noch wol foar, mar allinnich mar mear yn in stikmannich gearstalde (ôflate en gearsette) tiidwurden. Minssen (1854, 172) skriuwt:

iinsjoo einsehen hat im part. *iinsaien*, wird sonst aber wie *sjoo* conjugirt. - *fersjoo*, *sik*, sich versehen, sich irren bildet das part. *fersaien*, die andere Formen wie *sjoo*, *duu most dii nit fersjoo*, du mußt dich nicht versehen; bedeutet es aber: sich versorgen, so heißt das part. *fersee_n*, *hii hädd sik for'n winter good medd ääd fersee_n*, er hat sich für den Winter gut mit Torf versehen.⁶

Fort (1980, s.v. *sjō*) jout in foarbyld mei it tiidwurd *ounsjo* 'oansjen':

(5) *Hie häd hier nit ounsain* 'Hy hat har net oansjoen'

Yn it Wangereagersk, dêr't *blauket* ek yn 'e doetiid trochkrongen is, is de oarspronklike mulwurdsfoarm fan *sjō* sa't 't liket alhiel weiwurden, ek yn gearstalde tiidwurden.

It tiidwurd dêr't de suppletive foarm *blouked/blauket* by heart, de fuortsetting fan Aldfrysk **bilōkia*, komt yn it Sealtersk en it Wangereagersk bûten it paradigma fan *sjō/sjoo* net foar. Ehrentraut (I, 62) jout foar it Wangereagersk wol ienris in tiidwurd *biilauk* 'besehen' (by *lauk* 'blicken, schauen') op, mar dat hat net de reduksje fan it foarheaksel dy't him yn *blauket* oppenearret. Men kin jin sadwaande ôffreegje oft *biilauk* en *blauket* syngroan noch wol meiinoar ferbûn wurde moatte. Boppedat is it de fraach, hoe gongber oft *biilauk* yn it Wangereagersk wie; it gewoane wurd foar 'besjen' wie dúdlikernôch *farlauk* mei it foarheaksel *far-* 'fer-' (Ehrentraut I, 62, 86; II, 11-12).

Suppleesje by tiidwurden komt yn it Germaansk net sa folle foar. In bekend, mar frijwat útsûnderlik foarbyld, dat men yn alle Germaanske talen fynt, is it paradigma fan it tiidwurd WÊZE; yn it Sealtersk hat dat bygelyks in paradigma mei trije etymologysk net-besibbe stamfoarmen:⁷

6. De mulwurdfoarm *fersee_n* sil wol út it Leechedútsk komme. Fort (1980, s.v. *sjō*) jout *-säin* as njonkenfoarm fan *-sain* op.

7. Foar dit ûndersyk sil ik allinnich foarmen yn in paradigma dy't etymologysk net besibbe binne as suppletief opfetsje. Ik brûk de term suppleesje dus suver histoarysk, sa't dat yn 'e literatuer ek gauris dien wurdt (ferl. Rudes 1980, Bybee 1985). Syngroan besjoen soe

- (6) I *weze* ‘wêze’ ; *iek waas* ‘ik wie’, *du wierst* ‘do wiest’, *hie/ju waas*,
hy/hja wie, *wie/jie/jo wieren* ‘wy/jimme/hja wiene’; *wezen* ‘west’
 II *iek bân* ‘ik bin’, *du bääst* ‘do bist’
 III. *hie/ju is* ‘hy/hja is’, *wie/jie/jo sunt* ‘wy/jimme/hja binne’

Nammerste driuwender is de fraach hoe en wêrom’t it tiidwurd SJEN yn it Sealtersk en it Wangereagersk (en wêrom krekt dêre) suppletive foarmen krige hat. Spitigernôch is dy fraach net direkt te beanderjen: Wy ha gjin boarnen ta ús foldwaan út ‘e tiid dat de suppletive foarmen har set hawwe. De Easterlauwerske Aldfryske boarnen helpe op dat stik ek net fierder. Moat men jin dêr no ûnder deljaan en konkludearje dat it net mear nei te gean is hoe’t de tastân yn it hjoeddeiske Sealtersk en Wangereagersk ûntstien is of kin men yndirekt, benammen troch út in algemien-taalwittenskiplik eachweid nei it ferskynsel suppleesje te sjen en troch te ferlykjen mei de sitewaasje yn oare talen, doch in einhinne rekonstruearje hoe’t de paradigma’s fan SJEN yn it Sealtersk en it Wangereagersk har ûntjûn hawwe?

At men in skot dwaan wol op sa’n rekonstruksje, alhoe hypotetysk oft dy fanneed ek bliuwe moat, jouwe de foarm fan ‘e hjoeddeiske paradigma’s en de foarm fan it suppletive tiidwurd faaks al earste oanwizingen. De sitewaasje yn it Sealtersk en it Wangereagersk suggerearret dat de suppletive foarm earst, yn beide dialekten, it ôfslutend mulwurd út it stee krongen hat en dêrnei, yn it Wangereagersk, wreide hat nei de doetiid. Dat men soe begjinne kinne mei jin ôf te freegjen wêrom’t krekt it ôfslutend mulwurd fan SJEN troch in suppletive foarm ferkrongen is en wêrom troch in foarm dy’t it prefigearre tiidwurd **bilōkia* fuortset? Yn dy suppletive foarm is it foarheaksel *bi-* reducearre, wat in frijwat seldsum ferskynsel is. Dat mooglik jout dy reduksje in fierdere oanwizing hoe’t it suppletive paradigma fan SJEN yn it Sealtersk en it Wangereagersk ûntstien is. As lêste soe men

men feitliks elke foarm yn in paradigma dy’t net syngroan motivearre wurde kin, d.w.s. net troch produktive fonologyske regels fan in grûnfoarm ôflaat wurde kin, as suppletif beskôgje kinne (ferl. Mel’čuk 2000). Dêrneffens soene alle ûnregelmjittige tiidwurden yn prinsipe in suppletif paradigma ha. Om de term suppleesje as syngroane term net leech te meitsjen (suppletif = ûnregelmjittich), besykje guon (Mel’čuk 2000, Veselinova 2005, 15-16, 47-48) him te beheinen, mei’t se in unisiteitskritearium ynfiere: ûnregelmjittige tiidwurden binne allinnich suppletif, at der gjin tiidwurden binne mei itselde bûgingspatroan. Yn it Westerlauwersk Frysk soe dêrneffens *jilde* (*gou*, *gouwen*) suppletif wêze, mar *skriuwe* (*skreau*, *skreaun*) soe gjin suppleesje ha (of op syn heechst, at men it begryp gradueel makket, swakke suppleesje), om’t der mear tiidwurden mei itselde patroan binne (bgl. *driuwe*, *triuwe*, *wriuwe*).

neigean kinne, oft de suppleesje by SJEN in inkeld ferskynsel is of oft suppleesje by tiidwurden yn it Eastfrysk mear foarkomt.

De measte Westgermaanske talen ha njonken it tiidwurd SJEN foar it ûnopsetlike sjen ien of mear tiidwurden fan it slach LOAITSJE (KYTSJE, SKÔGJE), dy't it mei sin sjen oantsjutte.⁸ Ferlykje:

- | | | |
|-----|-------|----------------------------------|
| (7) | ing. | see - look, watch |
| | hd. | sehen - schauen, gucken, blicken |
| | ld. | sehn - kieken |
| | holl. | zien - kijken |

Foar it Aldfrysk moat men nei alle gedachten sa likernôch útgean fan in situaasje lykas hjoeddedei noch yn it Ingelsk: njonken *siā* stie **lōkia*. Yn it Noardfrysk is dat foar in part noch hyltyd sa: Fering-Öömrang *sä* - *luke*, Mååring *siinjelsiien* - *löke* (mar dêrnêst ek *kiike*). It hjoeddeiske Westerlauwersk Frysk kipt derút, om't it tiidwurd *sjen* dêr likegoed foar it ûnopsetlike sjen as foar it mei sin sjen brûkt wurdt (*hy sjucht har* - *hy sjucht nei har*); de tiidwurden *loaitsje* (Gysbert Japicx *loaytse*) en *kysje* (Gysbert Japicx *kijtse*) binne ferâldere.

Hoe leit it lân der yn it Eastfrysk hinne? It Wangereagersk hat de âlde tastân bewarre; dêr fynt men njonken *sjoo* noch *lauk* (en *kiik*). Ferlykje de neikommende foarbyldsinnen (Ehrentraut I, 86, Ehrentraut II, 10-12; 302-303):

- | | | |
|-----|---|---------------------------------------|
| (8) | iik kan bloo _e t döör 'n bril sjoo | 'ik kin allinnich troch in bril sjen' |
| | dait sjucht 'n wail fon fiirens | 'dat sjucht men wol fan fierrens' |
| | iik sjoo him uungeern | 'ik sjuch him net graach' |
| | iik wul deer weg lauk | 'ik woe dêr hinne sjen' |
| | lauk naa d' krog, wut hii sjuth | 'sjuch nei de panne, oft er siedt' |

8. Viberg (2001) ûnderskaat by tiidwurden fan sinlike waarnimming tusken *experiences* en *activities*; by de lêsten hat it ûnderwerp kontrôle oer de waarnimming, by de earsten net. Konseptueel semantysk is SJEN (alleast yn ien fan syn betsjuttingen) in tiidwurd fan beweging; in Ingelske sin lykas *From my room I saw a squirrel in the garden* betsjut safolle as 'myn loaits gie út myn keamer wei nei in iikhoarntsje yn 'e tún' (ferlykje Goldsmith 1979, Jackendoff 1983, 150-151). LOAITSJE is dêr de kausative wjergader fan: *From my room I looked at a squirrel in the garden* betsjut 'ik liet myn loaits út myn keamer wei nei in iikhoarntsje yn 'e tún gean'.

iik duur dii wail in d' oogen lauk 'ik doar dy wol yn 'e eagen te sjen'

Yn it Sealtersk is it tiidwurd **loukje* 'loaitsje' folslein weiwurden en út it stee keard troch *kiekje*. Ferlykje:

- (9) Ik kiekje ätter buten, man ik sjoo niks [Kramer 1982, 40]
'Ik sjuch nei bûten, mar ik sjuch neat'

De foarm *blouked* suggerearret lykwols dat men foar it Sealtersk fan 'e selde tastân útgean moat as yn it Wangereagersk. It tiidwurd *kiekje* of al least it aloan mear brûken dêrfan is sûnder mis in Leechdútske ynterferinsje.

Tiidwurden fan it slach LOAITSJE hawwe yn 'e regel in ferhâldingswurdkloft by har dy't oantsjut 'wêr't de loaits hinne giet'. Ferlykje de neikommende Ingelske foarbylden:

- (10) He looks out of the window 'Hy sjucht út it rût'
The dentist looks into my mouth 'De toskedokter sjucht yn myn mûle'

She looks through the peeping hole 'Hja sjucht troch it pypgatsje'
I'm looking at the apple 'Ik sjuch nei de apel'

Yn 'e lêste sin kin de ferhâldingswurdkloft in bleate rjuchtingsoantsjutting wêze ('ik sjuch dat út nei de apel'), mar it kin ek in ferhâldingswurdfoarwerp wêze ('ik lit it each op 'e apel falle, oer de apel gean').

Mei it foarheaksel *be-* kin men fan in tiidwurd fan it slach LOAITSJE in transityf tiidwurd (BELOAITSJE) foarmje. Ferlykje it Hollânske foarbyld yn (11):

- (11) Ik kijk naar de appel - ik bekijk de appel

It ferskil tusken de sin mei it ûnprefigearre tiidwurd en it ferhâldingswurdfoarwerp ('ik sjuch nei de apel') en de sin mei de prefigearing en it direkte foarwerp ('ik besjuch de apel') is, dat yn it twadde gefal de aksje fan it sjen 'sterker rjuchte is op it foarwerp' (ferl. De Vries 1975, 11, Veenstra 1988, 154). Men soe ek sizze kinne dat de *be-*prefigearing risseltatyf is: 'ik sjuch nei de apel en as risseltaat fan myn sjen ûntstiet der by my in mentaal byld fan 'e apel'.

In prefigearre tiidwurd **beloukje/biilaukje* moat it útgongspunt west hawwe fan 'e suppletive foarm *blouked/blauket* yn it Sealtersk en it Wangereagersk. Hoe kinne foarmen fan dat tiidwurd yn it paradigma fan *sjo* bedarre wêze? Dêrta moat men sykje om gebrûkskonteksten dêr't beide tiidwurden meiinoar yn konkurrinsje komme koene, dêr't mei oare wurden it betsjuttingsûnderskied tusken beide tiidwurden minimalisearre of weiwurden wie. Ik soe der op út wolle dat ien sa'n kontekst de ferbining mei it perfektive helptiidwurd is. Yn kombinaasje mei perfektiviteit, dat it ôfsletten wêzen fan 'e hanneling oantsjut, kin 'sjen' in betsjutting krije dy't nei oan dy fan 'besjen' komt.

Oars as (12a), slacht (12b) gewoanwei net allinnich mar op it fisueel waarnimmen fan 'e Mona Lisa, mar hat troch de perfektive kontekst de ymplikaasje dat it skilderij ek wat mear mei sin 'besjoen' is.

- (12) a. Ik sjuch/seach de Mona Lisa
b. Ik ha (fan 't simmer) de Mona Lisa sjoen

Lyksa betsjut (13a) gewoanwei net allinnich dat men de papierren mei de eagen opmurken hat, mar dat men se trochlêzen hat en yn dy betsjutting is de sin in einhinne synonym mei (13b):

- (13) a. Ik ha de papierren sjoen
b. Ik ha de papierren besjoen

Yn min ofte mear fêste ferbiningen lykas (14)-(16) yn it Hollânsk kinne *gezien* en *bekeken* hast sûnder feroaring fan betsjutting útwiksele wurde.⁹

- (14) a. Ik heb het wel gezien!
b. Ik heb het wel bekeken!
- (15) a. Dat had-ie handig gezien!
b. Dat had-ie handig bekeken!
- (16) a. Achteraf gezien had ze gelijk
b. Achteraf bekeken had ze gelijk

9. Yn dit rychje passe faaks fierders noch *je ziet maar!* en *je bekijkt het maar!* Dy farianten ferskille lykwols ynsafier ek noch faninoar dat de earste gjin foarwerp hat.

Oarsom kin bygelyks yn it Fering-Öömrang *beluke* ‘besjen’ yn in (negatyf) perfekteive omkrite betsjuttingen ha dy’t yn it Frysk mei ‘sjen’ werjûn wurde kinne:

- (17) At aanj as noch ei tu belukin
De ein is noch net te besjen
 ‘De ein is noch net te sjen (yn sicht)’
- (18) Hi küd jo letj buksteewer ei muar beluket fu
Hy koe de lytse letters net mear besjoen krije
 ‘Hy koe de lytse letters net mear (goed) sjen’

Yn it Eastfrysk kin it tiidwurd **beloukjelbiilauk* sa yn ‘e kontekst fan ‘e folsleine notiid sa njonkelytsen it oarspronklike ôfslutend mulwurd fan *sjoo* út it stee wrotten ha. De fraach hoe’t soks yn detail yn syn wurken gien is, is by brekme oan taalmateriaal út ‘e tiid fan ‘e oergong net te beanderjen.

Yn it Wangereagersk krong *blauket* ek yn ‘e doetiid. Dat kin in sekondêre ûntjouwing west ha: It ôfslutend mulwurd beynfloedet de doetiidfoarm wol gauris by de sterke tiidwurden. Ferlykje yn it Westerlauwersk Frysk bygelyks by gâns sprekkers de ferfanging fan ‘e doetiid fan *brekke*, *briek*, troch *bruts* ûnder ynfloed fan *brutsen*. De folsleine notiid wurdt faak ynstee fan ‘e doetiid brûkt, dat sadwaande is de mulwurdfoarm yn ‘e regel frekwinter as de doetiidfoarm (ferl. Tiersma 1979, 120).

Yn it Wangereagersk is it tiidwurd *sjen* ek yn safier fierder tebekkrongen as yn it Sealtersk, dat der sawat gjin gearstalde tiidwurden mear binne mei *sjoo*;¹⁰ yn gearstalde tiidwurden komt hast allinnich mar mear *-lauk* foar (ferl. Ehrentraut I, 62):

- | | | | |
|--------------|-------------------|---------|-----------|
| (19) farlauk | ‘besjen; fersjen’ | aurlauk | ‘ôfsjen’ |
| | | oonlauk | ‘oansjen’ |
| | | toolauk | ‘tasjen’ |
| | | uurlauk | ‘oersjen’ |

De fonologyske reduksje fan it foarheaxsel dy’t men by *blouked/blauket* obstrewearje kin, kin teoretysk yn ‘e foarmen fan in selsstannich tiidwurd **beloukjelbiilauk* syn beslach krige ha of earst ynset ha, doe’t foarmen fan

10. Ik haw inkeld fûn *farsjoo* (nj. *farlauk*) yn ‘e betsjutting ‘fersjen’ (Ehrentraut II, 320) en *iinsjoo* ‘ynsjen’ (Ehrentraut II, 232). Mulwurdfoarmen wurde dêr net by opjûn.

dat tiidwurd as suppletive foarmen yn it paradigma fan *sjol/sjoo* krongen wiene en sa paradigmatisyk isolearre rekke wiene. Foar de earste mooglikheid pleitsje yn it earste oankommen de ynfinityffoarmen *blawken/blau(c)ken* yn it Harlinger Frysk en *bloken* yn it Wurster Frysk. It is lykwols skoan mooglik dat yn it Harlinger Frysk en it Wurster Frysk it tiidwurd mei de reduksje fan it foarheaksel ek mar allinnich as suppletive foarm by 'sjen' foarkaam en dat út sokke foarmen troch Cadovius Müller en Witte in (net foarkommende) ynfinityffoarm ôflaat is.¹¹ Men sjucht wol gauris dat eardere taalbeskriuwers wat mei it ferskynsel suppleesje oan wiene. Yn 'e âldste Wangereager wurdlist fan Seetzen út 1799 (Versloot 1995) wurdt ek in tiidwurd *blauken* mei de betsjutting 'sjen' opjûn, mar dêrnjonken it wat ferhaspele sintsjje *It is juncker; ick kenn nig siowen* 'it is tsjuster, ik kin net sjen' (yn 'geef' Wangereagersk: *dait is djunk; iik kan nich sjoo*) mei in ynfinityffoarm fan it tiidwurd *sjoo*. En sels Ehrentraut (II, 10) fiert by it beskriuwen fan it paradigma fan SJEN in fierders net foarkommende ynfinityffoarm *blauk* op en seit dat it presens fan dat tiidwurd der mist.

Men moat jin ek ôffreegje wêrom't it foarheaksel überhaupt reducearre is. Dat is út noch yn net in gewoan ferskynsel, sels net by tiidwurden dy't morfologysk ûntrochsichtich wurden binne, bygelyks om't it grûnwurd útstoarn is (*belúnje* wurdt bygelyks net samar ta **blúnje*). Yn it Wangereagersk bestie njonken in evintueel *biilauk* boppedat noch hyltyd it grûnwurd *lauk*, dat it is net wierskynlik dat *biilauk* yn gewoane omstannichheden net mear as in foarheakselôflieding fan dat tiidwurd opfette wurde soe.

In âld foarbyld fan 'e reduksje fan it foarheaksel *be-* is it tiidwurd *bliuwe* yn 'e Westgermaanske talen (Hollânsk *blijven*, Leechdútsk *bleiven*, Heechdútsk *bleiben*). Yn 'e âldste fazen fan dy talen komt it tiidwurd noch mei it folsleine foarheaksel foar, ferlykje Aldfrysk *bilīva*, *blīva*, Aldingelsk *bilīfan*, Aldsaksysk *bilīban* en Aldheechdútsk *bilīban*. Better net te witten hat him yn 'e literatuer lykwols noch net ien ôffrege wêrom't it foarheaksel krekt yn dat tiidwurd (en net yn gâns oaren dy't der teoretysk foar yn 'e beneamming komme soene) mei it oarspronklike grûnwurd gearraand is.

11. Om 'e wille fan 'e earlikheid moat lykwols sein wurde dat *blaucken* yn it Harlinger Frysk sa't 't liket ien kear as ynfinityf yn in sin foarkomt, nammentlik yn it gedicht fan Harry Jammers, dat efteryn Cadovius Müller syn boek opnommen is:

An zuhnheid, stadig frougd, lait blaucken jar nain hinder (König 1911, 106, r. 10)
'Oan sînens, duorjende blydskip, lit sjen harren gjin hinder' (?)

It liket oannimlik dat de reduksje fan *be-* by BLIUWE ek ynset is yn ien spesifike foarm fan dat tiidwurd dy't paradigmatisyk isolearre rekke wie. Faaks kin in ûndersyk nei de âldste boarnen oanwizingen jaan, hoe't dat yn syn wurken gien is. Hjir moat ik it by in pear losse suggestjes litte. Germaansk *bilīvan* is ôflaat fan in tiidwurdlik grûnwurd dat sels al 'bliuwe' betsjutte. Moolk hie it foarheaksel *bi-* yn BLIUWE oarspronklik in aspektuele funksje en kaam de foarheakselôflieding ynearsten allinnich yn beskate aspektuele konteksten foar. Wat ferlykbers sjocht men yn 'e konstruksje yn (20) yn it Sealtersk (ferl. Kramer 1992, s.v. *bliue*) en yn (21) yn it Wangereagersk:¹²

- (20) a. Doo häu di Schauster him mäd dän Hoomer, dat er dood **biläasen**
blêu
'Doe sloech de skuonmakker him mei in hammer, dat er dea lizzen bleau'
- b. Mäd säks Wuchtere bleeu er doo **bisitten**
'Mei seis famkes bleau er doe sitten'
- c. Doo Unkele doo der uurich wieren, deels 'bleeueñ se in doo Huuse **bihongjen**
'de omkes dy't der oer wiene, foar in part bleaune se yn dy huzen hingjen'
- (21) a. da blift hiri ring in 'e wiinëls **bihanggen** [Ehrentraut II, 375, r. 15-16]
'dan bliuwt har ring yn it ruft hingjen'
- b. Won yuu nuu wiider kumt, den silt yaa pik joo_et, dat hirii schooer deer oon **sitten** blift. - un dan ään blift 'er uk oon **biisitten** [Id. 440, 11-13]
'at se no wer komt, dan sille se pik jitte dat har skuon der oan sitten bliuwe. - en de iene bliuwt der ek oan sitten'

Dêr kin oan in posysjoneel tiidwurd (SITTE, LIZZE, HINGJE) in foarheaksel *bi-* taheakke wurde, at it yn it komplemint fan it durative helptiidwurd *blieuwel bliiv* 'bliuwe' stiet. Yn ferlykbere aspektuele konteksten kin it foarheaksel *bi-* fan *bilīvan* redusearre wêze. Dêrnei kin it tiidwurd nei oare konteksten wreide hawwe en it oarspronklike grûnwurd alhiel ferkrongen hawwe.

12. De konstruksje komt oarspronklik grif út it Leechdútsk (ferl. Meyer 1923, 113). Meyer skriuwt: "Ohne 'bi-' wird mehr der Beginn eines andauernden Zustandes angezeigt."

At wy ús beheine ta gefallen dat it foarheaksel *be-* redusearre is, dan is it iennichste oare foarbyld dat ik út in Westgermaanske taal ken it wat âldfrinzige Hollânske *blieven* njonken *believen* (*Wat b(e)lieven de dames?*).¹³ It hat alle eigenskip dat de reduksje by dat tiidwurd ynearsten syn beslach krige hat yn fêste formules lykas *wat blieft u?* en *alstublieft!* (Frânsk *s' il vous plait*).

Mei alles en alles hat it nei myn betinken de measte eigenskip dat de reduksje fan it foarheaksel yn *blouked/blauket* earst syn beslach krige hat, nei't dy tiidwurdfarmen suppletive foarmen yn it paradigma fan *sjol/sjoo* wurden wiene.¹⁴

De algemiene skaaimerken fan suppleesje dy't yn 'e literatuer neamd wurde (Rudes 1980, Veselinova 2005) binne ek fan pas by it suppletive paradigma fan SJEN yn it Eastfrysk. Suppleesje komt meast foar by tige frekwinte, semantysk primêre tiidwurden ('wêze', 'gean', 'jaan', 'sjen', 'sizze', ensfh.). It basistiidwurd moat morfologysk ûnregelmjittich of al suppletyf wêze. De betsjutting fan it suppletive tiidwurd moat besletten wêze yn 'e algemienere betsjutting fan it basistiidwurd, mar mei net te beheind of te spesifyk wêze. It suppletive tiidwurd moat oan alle of de measte subkategorisaasjeasken fan it basistiidwurd foldwaan, moat m.o.w. yn 'e selde syntaktyske omkriten brûkt wurde kinne.

Suppleesje by verba videndi fynt men yn talen rûnom op 'e wrâld (sj. de foarbylden by Veselinova 2005). It Eastfrysk is datoangeande net útsûnderlik. De betsjuttingsferskowing dy't men by *blouked/blauket* obstrewearje kin, nammentlik fan in *activity* nei in *experience* yn 'e sin fan Viberg (2001) (sj. noat 8), oppenearret him ek yn 'e suppletive paradigma's fan tiidwurden foar 'sjen' yn oare talen (ferl. Kölligan 2007, Casaretto, op kommandeweis).

De suppleesje by SJEN yn it Eastfrysk heart ta it type fan 'e tempus-aspektsuppleesje, dat yn 'e talen fan 'e wrâld it meast foarkomt: De suppletive foarmen oppenearje har yn in temporele kategory (bgl. doetiid) en/of in aspektuele kategory (bgl. perfektyf). Veselinova (2005) hat útfûn dat de

13. In âld foarbyld fan reduksje fan it foarheaksel *fer-* is *frette* ('ferite'). Reduksje fan it foarheaksel *ge-* hat men yn it Dútsk yn gefallen lykas *glauben* (Hollânsk *geloven*) en *begleiten* (Hollânsk *begeleiden*).

14. It is mooglik dat yn guon Eastfryske dialekten de suppletive foarm mei it redusearre foarheaksel út it mulwurd en de doetiid wei dwaande wie om fierder te wriedzjen en ek noch oare foarmen fan SJEN te ferkringen. Dat soe de ynfintyffoarmen mei redusearre foarheaksel yn it Harlinger Frysk en it Wurster Frysk ek ferklearje kinne, at men se serieuus nimme wol.

meast foarkommende tiidwurden mei tempus-aspektsuppleesje dy't se yn har ûndersyk behelle hat, oardere wurde kinne neffens de leksikale hierargy yn (22):

(22) *Leksikale hierargy foar tempus-aspektsuppleesje*
(Veselinova 2005, 92)

1		2		3		4
wêze	>	sizze	>	jaan/(nimme)	>	wurde
komme		dwaan		sitte		hawwe
gean		sjen		stjerre		
				ite		

At in taal bygelyks tempus- of aspektsuppleesje hat by it tiidwurd foar 'stjerre', dan is der yn sa'n taal op syn minst ien tiidwurd út it skift 'sizze, dwaan, sjen' dêr't him ek suppleesje oppenearret, en dan ek op syn minst ien út it skift 'wêze, komme, gean'. Dêrby binne de tiidwurden dy't it meast bleatlizze foar suppleesje ek de tiidwurden dy't de sterkste oanstriid ta grammatikalisearring ha.

It Sealtersk en it Wangereagersk hawwe, sa't wy hjirboppe sjoen ha, (tempus-)aspekt-suppleesje by it tiidwurd SJEN. Hja ha boppedat lykas alle Germaanske talen suppleesje by it tiidwurd WÊZE. Dat hat lykwols yn Veselinova's terminology net-kategoriale suppleesje: De suppletive foarmen hearre net ta ien beskate grammatikale kategory. It Sealtersk hat lykwols in oar tiidwurd, mei tempus-aspektsuppleesje, dat men moolk ta it earste skift rekkenje kinne soe, te witten *lope* 'rinne' (Minssen 1847/1849, 263, Minssen 1854, 182, Fort 1980, Kramer 1982, 39).¹⁵ Dat tiidwurd hat syn ôfslutend mulwurd-foarm en syn doetiidfoarm liend fan in sterk tiidwurd dat op Aldfrysk *rinna* tebekgiet. De ôfslutend mulwurd-foarm is *ronnen*, de doetiidfoarm *ron*. Oare foarmen fan *rinna* binne yn it Sealtersk net bewarre bleaun.¹⁶ Yn it Wangereagersk oppenearret him by *loo_ope* (*lapt*, *liip*, *liipiin*) gjin suppleesje (Ehrentraut I, 38).¹⁷

15. Goed begripe: Veselinova's skaal yn (22) is inkeld in beskriuwende ginneralisaasje oer de tiidwurden dy't se ûndersocht hat en makket gjin (absolute) oanspraak op universaliteit. Dus sels al soe skift 1 yn it Sealtersk ûnbeset bliuwe, dan is dat alhiel gjin probleem.

16. Hettema & Posthumus (1836, 246, 223) jouwe in folslein sterk paradigma (*rènna* - *rân* - *rânmen*), mar it is tige de fraach oft dat betrouber is.

17. Yn it Sealtersk fan Schädde (Scharrel) hat *lope* nije foarmen foar doetiid en mulwurd krige, nammentlik *liep* en *lepen/loopen* (ferl. Fort 1990, 189).

Sealtersk *lope* ropt ferlykbere fragen op as dy't wy ús by *sjo* steld ha. Is de suppleesje begûn by de ôfslutend mulwurd-foarm? Wat makke dat de ôfslutend mulwurd-foarm fan *rinna* dy fan *lope* ferkringe koe? Spile perfektiviteit dêrby ek wer in rolle? It brûken fan *rinna* foar 'gean op 'e fuotten' hat it Sealtersk mei it Westerlauwersk Frysk mien. Hat der yn it Westerlauwersk Frysk by it ferkringen fan *ljeppe* yn 'e oarspronklike betsjutting 'gean op 'e fuotten' troch *rinne* ek in suppletif stadium west?

Mei Veselinova har ymplikative skaal yn 'e efterholle is it ek nijsgjirrich om nochris te sjen nei it listke fan leksikale besûnderheden yn it Eastfrysk yn (1). Wy fine dêr twa tiidwurden dy't ek muoi prominint yn 'e suppleesjehierargy foarkomme, nammentlik de tiidwurden foar 'sizze' en 'jaan'. Dat is faaks net alhiel tafallich.

It is apart dat de Eastfryske dialekten de wenstige Germaanske wurden foar 'sizze' en 'jaan' oerjûn ha.¹⁸ De fuortsetting fan Aldfrysk *sedza* 'sizze' is sa't 't liket yn it Eastfrysk alhiel weiwurden. Ynpleats fynt men yn 'e measte Eastfryske dialekten de fuortsetting fan Aldfrysk *quetha* 'sizze' en dat wylst it Miengermaanske **kwethan* oars yn hast alle Nijgermaanske talen belies jûn hat (sj. Krolis-Sytsema 1989). Dêrnêst skynt de fuortsetting fan Aldfrysk *tella* him yn it Eastfrysk yn 'e betsjutting 'sizze' muoi sterk wreide te hawwen:

(23) sealt.	tälle	(ferl. Minssen 1854, 194)	
	wang.	tääl	(Ehrentraut I, 85-86, Ehrentraut II, 291)
	harl.	tellen	(König 1911, 60)
	wurst.	tellen/tell	(Möllencamp 1968, 116)

Yn it Wurster Frysk is foar 'sizze' allinnich mar *tellen/tell* oerlevere, ûnder oaren ek yn 'e iennichst oerlevere Wursterfryske sin *ik will di wit tell* 'ik wol dy wat sizze'.

De fuortsetting fan Alfrysk *jeva* 'jaan' is yn it Sealtersk alhiel fan *reke* (< Aldfrysk *rēka* 'rikke, langje') ferkrongen, dus ek yn gearstalde tiidwurden: 'ferjaan' hyt begelyks *ferreke* en 'útjaan' *utreke* (ferl. Minssen 1854, 188).¹⁹

18. Better net te witten binne se datoangeande sels frijwat unyk; it iennichste oare gefal dat ik ken is de ferkringing fan JAAN troch DWAAN yn 'e Noardfryske dialekten.

19. Siebs (1889, 125) jout noch *fjêwə* (Hollen), *færjêûə* (Scharrel) foar 'ferjaan'. Pyt Kramer wiisde my op in fynplak fan *ferjeeuwe* yn 'e betsjutting 'fergiftigje' yn in twaspraak fan W. Schulte (om 1930) yn Seelter Trjoue (jg. 1, nr. 2, s. 4): *Nü lääse do Ruupen ... mäd de verjeuene Weete noch in de Snuute* 'no lizze de rûpen ... mei de ferjûne weet noch yn 'e bek' (ek yn Kramer 1982, 45).

Dêrfoaroer komt yn it Wangereagersk njonken it selsstannige tiidwurd *reik* ‘jaan’ it âlde *-give* noch foar yn in pear ôflate en gearsette foarmen, neffens Ehrentraut (I, 44) mar allinnich mear yn *fargive* ‘ferjaan’, *biigive* ‘jin bejaan’ en *toohoo_egive* ‘copuliren’. Yn it Harlinger Frysk komme *rayken* (König 1911, 58) en *yffen* (Id. 60) sa’t ‘t liket noch njonkeninoar foar en is de ferdieling net alhiel dúdlik, mar út it gebrûk yn sinnen en út it bestean fan in gearstald tiidwurd lykas *nahreiken* foar ‘ferjaan’ (König 1911, 60) kin men ôfnimme dat *rayken* him dêr ek al fierhinne trochset hie. Yn it Wurster Frysk is inkeld *gevvàn*, *gifaa* foar ‘jaan’ oerlevere (Möllencamp 1968, 99).

Der is yn ‘e literatuer wol gauris op wiisd dat men yn guon talen by tige frekwinte tiidwurden in oanstriid ta patroanfoarming fynt. Yn it Westerlauwersk Frysk ha de bûgingsfoarmen fan ‘e sterke tiidwurden *gean*, *stean* en *dwaan* inoar bygelyks tige sterk beynfloede (ferl. Hof 1946). Ferlykbere ferskynsels sjucht men ek by suppletive tiidwurden. Yn talen dy’t mear suppletive tiidwurden hawwe is it suppleesjepatroan fan sokke tiidwurden wol gauris itselde. Rudes (1980) wiist der bygelyks op dat yn it Aldiersk suppletive tiidwurden ien foarm foar de ymperatyf hiene en in oaren foar de oare tiidwurdfoarmen.

Moolk hat der yn it Eastfrysk in oanstriid west om by tige frekwinte tiidwurden ôfslutend mulwurd en doetiid troch suppleesje te foarmjen en dy tiidwurdfoarmen sa in eigen en dêrtroch markantere leksikale foarm te jaan. Yn dat gefal soene de âlde tiidwurden foar ‘sizze’ en ‘jaan’ weiwurden of marzinalisearre wêze kinne, om’t der suppletive foarmen yn har paradigma’s krongen, dy’t de eigen foarmen der sa njonkelytsen alhiel útwrotten.²⁰ Dat hoecht net perfoarst te betsjuten dat SIZZE en JAAN yn it Eastfrysk yn in beskaat stadium min ofte mear stabile suppletive paradigma’s hân ha, sa’t wy dy yn it nijere Sealtersk en Wangereagersk by SJEN fine. Suppleesje is yn prinsipe in dynamysk proses. Twa tiidwurden A en B kinne noch in folslein paradigma ha, mar ûnderwyls kinne foarmen fan B yn in oanwinnend persintaazje fan ‘e gefallen brûkt wurde yn it paradigma fan A. Dat kin mei de tiid ta in stabyl suppletief paradigma liede en dêrnei troch analogy ta de folsleine ferkringing fan A troch B, mar paradigmatiske lyk-

20. Dat soe ek de ferklearring wêze kinne wêrom’t allinnich yn it Eastfrysk Miengermaansk **kwethan* ‘sizze’ bewarre bleaun is; it is om sa mar te sizzen yn ‘e hûd fan SIZZE krûpt en koe sa it libben derôf rêde. Foar in yngeande analyse fan ‘e ferkringing fan SIZZE yn it Eastfrysk sil fansels it hiele wurdfjild fan it mûnling kommunisearjen yn it ûndersyk behelle wurde moatte (ferl. Krolis-Sytsema 1989), dus ek it al neamde *tâlletel* ‘sizze, fertelle’ en fierders *sprik/spreke* ‘sprekke’ en de tiidwurden foar ‘prate’, wang. *snack* en sealt. *bale*.

slach en dêrmei it weiwurden fan A kin ek al syn beslach krije, at foarmen fan B yn in grut part fan it paradigma fan A mear brûkt wurde as foarmen fan A. Dat lêste sille wy ek wol foar Sealtersk *kwede* en *reke* en har wjergaders yn 'e oare Eastfryske dialekten oannimme moatte.

In oar gefal fan in muoi frekwint, Miengermaansk tiidwurd dat yn in Eastfrysk dialekt folslein ferkrongen liket, fynt men yn it Harlinger Frysk. Dêr is it tiidwurd DRINKE hielendal net oerlevere en fynt men ynpleats it tiidwurd *zypen/zipen* (König 1911, 58), in Leechdútsk lienwurd dat oarspronklik 'sloarpe' betsjutte.²¹ Dat dat tiidwurd yn it Harlinger Frysk ta it neutrale tiidwurd foar 'drinke' wurden wie, lit de neikommende oanhaal út Cadovius Müller syn oersetting fan parten fan 'e Lutherske kategismus sjen:²²

- (24) Effensullfst nauhm hi auck di bihker nah dait eyfenmill, toncke[n]de uhn rahtet jum zyhnem jungers, uhn quayde: naimt hin uhn **zypet** allthomintelckenmahl daruht [König 1911, 96]
'Allyksa naam er ek de tsjelke, nei it Nachtmiel, tanke, en joech him oan syn dissipels, en sei: Nim en drink allegearre dêrút'

Faaks heart yn dit rychje ek noch Sealtersk *stete* (*stat - statte - stat*), neffens de foarm itselde tiidwurd as Westerlauwersk Frysk *stjitte* (*staat - state - staat*). It tiidwurd kin yn it Sealtersk yndie 'stjitte' betsjutte, mar dêrnjonken aparternôch ek 'stekke'. It hat der in soad fan dat yn Sealtersk *stete* twa tiidwurden gearfallen binne, nammentlik de wjergaders fan Aldfrysk *stēta* 'stjitte' en Aldfrysk *steka* 'stekke' (ferl. Siebs 1889, 126). It Wangereagersk hâldt hjir nammers beide tiidwurden útinoar: *stick* (*steik - stickiin*) 'stekke' - *staite* (*stat - stat - stat*) 'stjitte'.

It tiidwurd STJITTE moat yn it paradigma fan it tiidwurd STEKKE krongen wêze en dêrnei STEKKE sa njonkelytsen alhiel út it stee wrot ha. It iennichste dat dêrby fan STEKKE oerbleau, wie de betsjutting.²³ Nijsgjirrigernôch fynt

21. Ferlykje Leechdútsk ('Ostfriesisch') *sipen, sippen* 'sloarpe' (ten Doornkaat-Koolman 1884).

22. As haadwurd dat fan *zypen/zipen* ôflaat is komt boppedat *zyep* 'dronk, swolch' foar: *ohn zyep oohn* 'in swolch sûpe' (König 1911, 63).

23. Dat beide tiidwurden trochinoar rûn binne yn Sealtersk docht ek klare bliken oan it feit dat, oarsom, it haadwurd *Stääk* 'stek' ek 'stjit' betsjut (ferl. Århammar 1975, 55). Nils Århammar wiisde my derop dat Alfrysk *stēta* en syn gearsettingen (bgl. *upstēta, thruchstēta*) ek al de betsjutting 'stekke' ha koene. Dat sil de suppletive ynkringing yn it paradigma fan STEKKE, dy't dan al muoi âld wêze kin, allinnich mar bemaklike ha.

men it suppletive paradigma fan STEKKE, dat men foar it Sealtersk as histoaryske faze yn 'e ûntjouwing fan *stete* 'stjitte; stekke' oannimme kinne soe, yn in stabile foarm werom yn it Eilânnoardfrysk (ferl. Siebs 1889, 126-127, Århammar 1975, 55). Dêr komt it tiidwurd STEKKE allinnich mar mear foar yn 'e ynfinityf, de 1ste persoan notiid en it meartal notiid, alle oare plakken yn it paradigma fan STEKKE binne ynnommen troch foarmen fan STJITTE.^{24,25}

- (25) fer.-öömr. steeg - steet/stää - steet/stää - steet/stää
 sölr. steek - stat - stat - stat
 helg. steek - stat - stat - stat

Behalven dat men yn guon talen in oanstriid ta (suppletive) patroanfoarming fynt by frekwinte tiidwurden, sjucht men ek dat suppletive paradigma's har iuwenlang hâlde kinne, sels al wurdt it leksikale materiaal útwiksele (Mel'čuk 2000, 520). In klassyk foarbyld is it tiidwurd GEAN yn it Ingelsk (Aldingelsk *gā*, Nijingelsk *go*), dat al yn it Aldingelsk in suppletive doetiid *ēode* hie, dy't yn it Midingelsk ferkrongen waard troch de nije suppletive foarm *went*. Yn it Wangereagersk fynt men moolk in ferlykbere ûntjouwing by it tiidwurd WÊZE. Yn ekwative sinnen mei *dait* 'it, dat' as ûnderwerp en in nominaal predikaat kinne ynstee fan 'e suppletive foarmen *is* en *sint* (3de persoan presens) ek *hat* en *heitert* brûkt wurde, einliks foarmen út it paradigma fan *heit* 'hite'. Dêrby wurdt *dait* nammers gauris weilitten. Ehrentraut (I, 37) skriuwt: "*dait hat* steht oft für: *dait is*, wobei denn gewöhnlich der Artikel ausgelassen wird, z.B.: *hat 'n ainfol*t, das ist ein Einfaltspinsel." Yn (26) jou ik noch in stikmannich oare foarbylden út 'e literatuer:

-
24. De tiidwurden yn (25) koene fan âlds lykas Sealtersk *stete* sawol 'stekke' as 'stjitte' betsjutte. Yn it Hilgolânsk is dat noch sa. Yn it Fering-Öömrang en it Sölring is de betsjutting 'stjitte' lykwols fierhinne troch oare tiidwurden oernommen (fer.-öömr. *stup(e)*, sölr. *stumpi*).
25. In oar nijsgjirrich gefal fan suppleesje by tiidwurden yn it Eilânnoardfrysk is Hilgolânsk *wen* - *fin* (*fün*) - *fin'n* (*fün'n*) 'krije'. Oetker (1855, 411) jout foar doetiid en mulwurd noch de foarmen *füng* en *fünge*, dy't by in útstoarn tiidwurd **fu* 'krije' hearre (fer.-öömr. *fu*, sölr. *fo*). Foar 't neist binne foarmen út it paradigma fan **fu* 'krije' earst yn it paradigma fan *wen* (Aldfrysk *winna* 'winne') krongen, dat yn it Hilgolânsk moolk al in betsjutting 'krije' krige hie. Letter binne *füng* en *fünge* dan troch *fin* en *fin'n* ferfongen, dat foarmen út it paradigma fan *fin* 'fine' binne.

- (26) a. dait **hat** sin breid hiri ring [Ehentraut II, 375, r. 16-21]
 ‘dat is syn breid har ring’
 b. **hat** aber ‘n gans kosbooren [Id. 370, r. 1-2]
 ‘dat is in hiel kostberen’
 c. dan säckel jil, deer in ‘e walt is, dait **hat** hiriins [Id. 200, r. 9]
 ‘it sekfol jild, dat yn ‘e bosk is, dat is harres’
 d. **haitert** de kööning siin ring [Id. 405, r. 30]
 ‘dat binne de kening syn ringen’

Dizze nijsgjirrige konstruksje is nedich better ûndersocht, mar ik moat it hjir by dizze foarbylden litte.²⁶

Yn it foarôfgeande haw ik besocht om in foech rekonstruksje te jaan fan ‘e ûntjouwing fan it suppletive paradigma fan SJEN yn it Sealtersk en it Wangereagersk. Ik ha sjen litten dat dy ûntjouwing moolk part is fan in algemienere oanstriid by in stikmannich frekwinte tiidwurden ta it foarmjen fan paradigma’s mei tempus-aspektsuppleesje yn it Eastfrysk. Dêrop wize behalven it paradigma fan SJEN net allinnich dat fan Sealtersk *lope*, mar faaks ek de tiidwurden foar ‘sizze’ en ‘jaan’ yn ‘e measte Eastfryske dialekten, dat foar ‘drinke’ yn it Harlinger Frysk en dat foar ‘stjitte; stekke’ yn it Sealtersk, dêr’t suppleesje ta de folsleine ferkringing fan it gastwurd laat hat. Sa binne alteast de omkanten fan in patroan fan tempus-aspektsuppleesje yn it Eastfrysk oan it ljocht kommen. Binnen it Germaansk, dat net botte ryk is oan tiidwurdlike suppleesje, soe sa’n patroan frijwat unyk wêze. Neier ûndersyk, benammen in yngeandere analyze fan alle oanbelangjende tiidwurden, sil grif noch wat mear klearrichheid jaan kinne oer de spried en de ûntjouwing fan suppleesje by tiidwurden yn it Eastfrysk, mar in ûnbeheind sicht dêrop sil ús fanwegen de fragmintaryske oerlevering wol nea barre meie.

Fach Friesische Philologie
Christian-Albrechts-Universität
Kiel

26. Fragen dy’t de konstruksje opropt binne ûnder oaren: Hoe is de suppletive foarm *hat/heitert* krekt yn it paradigma fan *wizze* ‘wêze’ bedarre? Is der frije fariaasje tusken *hat/heitert* en *is/sint* yn ‘e konstruksje? Kin *dait hat* mar allinnich oan it begjin fan haadsinnen foarkomme? Kin de reduksje fan *dait hat* ta *hat* ferlike wurde mei de reduksje fan *dait is* ta *dai* ‘s oan it begjin fan haadsinnen?

LITERATUER

- Århammar, Nils (1975) *Die Sprachen der Insel Föhr. Föhrer Friesisch (Fering) und Plattdeutsch*. Verlag Hansen & Hansen, Münsterdorf bei Itzehoe.
- Bybee, Joan L. (1985), *Morphology. A study of the relation between meaning and form*. Benjamins, Amsterdam/Philadelphia.
- Casaretto, Antje (op kommendeweis), 'Zur verbalen Suppletion im Indo-iranischen: Die avestischen verba videndi', yn: Rosemarie Lühr & Sabine Ziegler (red.), *Ursprache und Vorgeschichte*. Akten der XII. Fachtagung der Indogermanischen Gesellschaft in Krakau, 11.-16. Oktober 2004. Reichert, Wiesbaden.
- Doornkaat-Koolman, J. ten (1879-1884), *Wörterbuch der ostfriesischen Sprache*. 3 Dl. Brahms Verlag, Norden.
- Ehrentraut I = Ehrentraut, H.G., 'Mittheilungen aus der Sprache der Wangerooger', *Friesisches Archiv* I (1847/1849), 3-109, 338-406, II (1854), 1-84.
- Ehrentraut II = Ehrentraut, H.G., *Mittheilungen aus der Sprache der Wangerooger*, besoarge fan A.P. Versloot. Fryske Akademy, Ljouwert 1996.
- Fort, Marron C. (1980), *Saterfriesisches Wörterbuch*. Buske, Hamburg.
- Fort, Marron C. (1990), *Saterfriesische Stimmen*. Ostendorp Verlag, Rhaderfehn.
- Goldsmith, John (1979) 'On the Thematic Nature of *See*', *Linguistic Inquiry* 10, 347-352.
- Hettema, M. & R. R. Posthumus (1836), *Onze reis naar Sagelterland, benevens deszelfs geschiedenis, een beschrijving van den aard, de zeden, de gewoonten enz. van deszelfs bewoners en een korte schets en woordenlijst van hunne taal*. Ypma, Franeker.
- Hof, Jan Jelles (1946), 'De foarmforskillen yn ús verba', *Frysk Jierboek*, 76-89.
- Holthausen, Ferdinand (1927), 'Ostfriesische Studien. 4. Das Hochzeitsgedicht von Imel Agena von 1632', *PBB* 50, 68-71.
- Jackendoff, Ray (1983), *Semantics and Cognition*. The MIT Press, Massachusetts.
- Kölligan, Daniel (2007), *Suppletion und Defektivität im griechischen Verb*. Hempel, Bremen.

- König, Erich (bes.) (1911), *Johannes Cadovius Müllers Memoriale linguae Frisicae*. Soltau, Norden und Leipzig.
- Kramer, Pyt (1982), *Kute Seelter Sproakleere*. Ostendorp Verlag, Rhaderfehn.
- Kramer, Pyt (1992), *Näi Seelter Woudebouk*. A-E. Yn eigen behear, Elst.
- Krolis-Sytsema, Johanneke (1989), 'Quetha, sidza und spreka: ein altfriesisches Wortfeld besprochen', yn: Alex M. J. Riemersma, Trinus Riemersma & Willem W. Visser (red.), *Frysk & Frije Universiteit (1949-1989)*. VU-Uitgeverij, Amsterdam, 109-123.
- Mel'čuk, Igor (2000), 'Suppletion', yn: G. Booij, C. Lehmann & J. Mugdan (eds.), *Morphologie / Morphology. Ein internationales Handbuch zur Flexion und Wortbildung / An International Handbook on Inflection and Word-Formation*. Vol. 1. Berlin - New York, Mouton de Gruyter, 510-524.
- Meyer, Gustav Friedrich (1923), *Unsere plattdeutsche Muttersprache. Beiträge zu ihrer Geschichte und ihrem Wesen*. Lühr & Dirks, Sankt Peter-Ording.
- Minssen, Johann Friedrich (1847/1849), 'Vergleichende Darstellung der Laut- und Flexionsverhältnisse der noch lebenden neufriesischen Mundarten und ihres Verhältnisses zum Altfriesischen', *Friesisches Archiv II*, 165-276.
- Minssen, Johann Friedrich (1854), 'Mittheilungen aus dem Saterlande', *Friesisches Archiv II*, 135-227.
- Möllencamp, Rudolf (1968), *Die friesischen Sprachdenkmale des Landes Wursten*. Herausgegeben vom Heimatbund der Männer von Morgenstern, Bremerhaven.
- Oetker, Friedrich (1855), *Helgoland. Schilderungen und Erörterungen*. Franz Duncker, Berlin.
- Remmers, Arend (1993), *Wörterbuch der ausgestorbenen ostfriesischen Dialekte*. Manuskript.
- Rudes, Blair A. (1980), 'On the nature of verbal suppletion', *Linguistics* 18, 655-676.
- Siebs, Theodor (1889), *Zur Geschichte der englisch-friesischen Sprache*. Niemeyer, Halle a / S.
- Tiersma, Piter Meijes (1979), *Aspects of the phonology of Frisian based on the language of Grou*. Meidielingen fan de Stúdzjerjochting Frysk oan de Frije Universiteit yn Amsterdam 4.

- Veenstra, Durk (1985), 'Oer de grammatika fan *be-ferba*', yn: Siebren Dyk & Germen de Haan (bes.), *Wurdfoarried en wurdgrammatika. In bondel leksikale stúdzjes*. Fryske Akademy, Ljouwert, 136-174.
- Versloot, Arjen (bes.) (1995), 'De Wangereager wurdlist fan U.J. Seetzen fan 1799', *Tydskrift foar Fryske Taalkunde* 10, 3 (1995), 69-105.
- Veselinova, Ljuba N. (2005), *Suppletion in Verb Paradigms. Bits and Pieces of the Puzzle*. Benjamins, Amsterdam/Philadelphia.
- Viberg, Åke (2001), 'Verbs of perception', yn: Armin Burkhart, Hugo Steger & Herbert E. Wiegand (red.), *Language Typology and Language Universals*. Handbücher zur Sprach- und Kommunikationswissenschaft, Bd. 20. De Gruyter, Berlin/New York, 1294-1309.
- Vries, J.W. de (1975), *Lexicale morfologie van het werkwoord in modern Nederlands*. Universitaire Pers, Leiden.